

**Liturgy foar de tredde snein nei Epifany  
yn de Sint Jan ( online)  
Deinum,23 jannewaris 2022**

**Foargonger: ds.Harrie Strubbe  
Oargel: Lucas Wiersema  
Lector: Durk Sybesma  
Frouljus-sjonggroep**

---



- Oargelmusyk
- Wurd fan wolkom en meidielings
- Begjinliet : Liet 67 A: 1 en 2

Ierdryks einen, jubelje, sjong foar de Hear,  
Halleluja, halleluja!

Ja hiel de ierde moat God wol priizgje,  
loovje syn almacht foargoed,  
om't Er aloan op wûndere wize  
alles sa goed en rjochtfeardich bestjoert.

Ja, God is goed, Hy jout ús syn segen;  
Syn antlit ljochtet oer ús.  
Hy giet ús foar, wy geane op syn wegen.  
Wêr 't wy ek doarmjen, Hy bringt ús thús.

- F. : De Hear wês mei jim!
- Gem.: En ek mei jo.
- F. : Us helper is de Iviche
- Gem.: dy't himel en ierde makket. Amen

-Liet 67A: 4

God, bliuw dan by ús en wol ús liede  
op nei de takomst dy't ús winkt,  
dan komt de tiid dat oeral op ierde  
hearlik de lof fan jo Namme wjerklinkt.

Ierdryks einen, jubelje, sjong foar de Hear,  
Halleluja, halleluja!

-Kyrie

-Gloria : Liet 308A

Gloria in excelsis, Deo gratias!

-Gebed fan 'e snein

-Profetenlêzing: 1 Samuel 3: 1-10

*De jongfeint Samuel tsjinne de Heare ûnder Ely.*

*No wie der yn dy dagen mar selden ien dy't ris in iepenbiering fan de Heare krige: in fizioen kaam mar inkeldris foar.*

*Op in dei hie Ely him deljûn op syn gewoane plak. De eagen begûnen him sa min te wurden, dat hy koe net mear sjen.*

*Gods lampe wie noch net útgean en Samuel hie him deljûn yn it hillichdom fan de Heare, dêr 't Gods arke wie.*

*Doe rôp de Ivige Samuel en dy sei: 'Hjir bin ik!'*

*Dêrop rûn er hastich nei Ely en sei: 'Hjir bin ik al, want jo hawwe my roppen.'*

*Mar dy sei: 'Ik haw net roppen. Jou dy mar wer del'*

*Doe gong er fuort en joech him del. Mar de Ivige rop Samuel op 'en nij. Samuel gong derôf en rûn nei Ely en sei: 'Hjir bin ik al, want jo hawwe my roppen.'*

*Mar dy sei: 'Ik ha dy net roppen, myn jonge; jou dy mar wer del.'*

*No koe Samuel de Ivige noch net út eigen ûnderfining en der wie hem ek noch net in wurd fan de Ivige iepenbiere.*

*Maar de Ivige rôp Samuel op 'en nij, no foar de tredde kear.*

*Hy gong derôf, rûn nei Ely en sei: 'Hjir bin ik al, want jo hawwe my roppen'. Doe krige Ely foar it ferstân, dat de Ivige de*

*jongfeint rôp. Dat Ely sei tsjin Samuel: 'Gean hinne en jou dy del. En as Hy dan wer ropt, sis dan: 'Sprek, Hear, want jo tsjinstfeint harket.'*

*Doe gong Samuel fuort en joech him wer op syn plak del.*

*Doe kaam de Ivige, gong by him stean en rôp lykas de oare kearen: ‘Samuel, Samuel!’  
En Samuel sei: ; Sprek mar, want jo tsjinstfeint harket!’*

-Het liefste lied van overzee, dl.2: 4: 1 en 2

Als ik jou bij name roep, ga jij dan met mij mee?  
Wil je volgen waar ik ga, al weet je niet waarheen?  
Wil je dat in elke daad al mijn liefde verder gaat,  
dat mijn Naam te lezen staat in jou en jij in mij?

Als ik jou bij name roep, laat jij jezelf dan los?  
Heb je vriend en vijand lief, hoeveel je dat ook kost?  
Hoe je wegen zullen zijn, in de stom, bij zonnenschijn,  
zal mijn trouw verankerd zijn in jou en jij in mij?

-Lêzing fan it Evangeelje: Johannes 1: 35-51

*De oare deis stie Johannes dêr mei twa fan syn learlingen,  
en doe’t er Jezus, dy’t dêr lâns kaam, oanseach, sei er:  
‘Sjoch it Laam fan God’*

*De beide learlingen hearden him dat sizzen en folgen Jezus.  
Jezus kearde him om, seach dat se Him folgen en seit tsjin  
harren: “Wat sykje jimme?” Hja seine tsjin Him:*

*“Rabby – wat oerset sizze wol ‘Master’- wêr hâlde Jo ta? “  
Hy seit tsjin harren: ‘Kom en jim sille it sjen!’*

*Hja kamen dan en seagen wêr’t Er tahâlde en hja bleauwen dy  
deis by Him; it wie sa likernoch it tsiende oere.*

*Andreas, Simon Petrus syn broer, wie ien fan ‘e beiden, dy’t it  
fan Johannes heard hiene en Him folge wiene; dy treft earst  
syn eigen broer en seit tsjin him: “wy hawwe de Messias fûn!”-  
wat oerset betsjut: salving.*

*Hy brocht him by Jezus. Jezus seach him oan en sei: “ Do bist  
Simon, de soan fan Johannes; so silst Kefas hjitte”, dat betsjut  
Petrus, rots.*

*De deis dêroan woe Er ôfsette nei Galilea en Hy treft Filippus,  
En Jezus sei tsjin him: "Folgje my!"*

*Filippus no wie fan Bethsaïda, út 'e stêd fan Andreas en Petrus.  
Filippus treft Nathanaël en seit tsjin him: "Wy hawwe fûn , oer  
wa't Mozes yn 'e wet en ek de profeten skreaun hawwe: Jezus,  
de soan fan Jozef, út Nazaret."*

*Nathanaël sei tsjin him: "Ut Nazaret? Kin dêr wat goeds  
weikomme?" Mar Filippus seit tsjin him: "Kom en sjoch!"*

*Jezus seach Nathanaël op Him ta kommen en seit fan him:  
"Sjoch, wier in soan fan Israel yn wa 't gjin bedroch is."*

*Nathanaël sie tsjin Him: 'Hoe kenne Jo my?'" Jezus antwurde  
him dêrop:"Ear't Filippus dy rôp, doesto ûnder de figebeam  
sietst, seach ik dy."*

*Nathanaël antwurde Him: "Rabby, Jo binne de soan fan God,  
Jo binne de kening fan Israel!"*

*Jezus joech him dit antwurd: "Om't Ik tsjin dy sei, dat Ik dy  
ûnder figebeam sjoen haw, leausto? Grutter dinge as dizze  
silsto sjen."*

*En Hy seit tsjin harren: "Wiswier, wiswier sis Ik jimme – jimme  
sille sjen, dat de himel iepengiet en dat God syn ingels opstige  
en delkomme boppe de Minskensoan."*

-Lied 4: 4 en 5

Als ik jou bij name roep, is dan je hart voor mij?  
Gaat je allerdiepste angst dan niet voorgoed voorbij?  
Zal jij in geloof voortaan voor de goede schepping staan,  
als mijn woorden leven gaan in jou en jij in mij?

Als U mij bij name roept, om mijn vertrouwen vraagt,  
zal ik volgen in uw spoort, door uw liefde uitgedaagd.  
Ja, met liefde zal ik gaan waar U zelf bent voorgegaan,  
tot ik voluit zal bestaan in U en U in mij.

-Utlis en oertinking

-Oargelspel

-Foarbeaen, stil gebed, Us Heit

-Slotwurd

-Slotliet: Liet 738

Kom sjong it liet fan Evan, fan libbenskrêft de wel,  
en sjong it liet fan Sara, sy laket, mar wurdt mem,  
en sjong it liet fan Hanna, dy't God bestoarmet mei har klacht  
en sjong ek fan Maria, dy't Gods wurd berne hat.

Kom sjong it liet fan Sjifra en Pûa. It bef  
om jonkjes te fermoardzjen, sy leine 't neist har del,  
en sjong it liet fan Mirjam: it hynstefolk oerlibbet net,  
en sjong it liet fan Ester dy't massamoard belet.

Kom sjong it liet fan Tamar dy't opkomt foar har rjocht,  
en sjong it liet fan Rachab dy't leaut en dêrnei docht,  
en sjong it liet mei Ruth út Moab: jo gemeente bliuw ik trou  
en sjong ek foar Batsjêba sy har Gods hûs meo boud.

Kom sjong it liet fan Anna, dy't útsjocht nei it ljocht,  
en sjong it liet van Marta, dy't Jezus wurden docht,  
en sjong it liet van de Maria's, sy bleauwen altyd neist Him  
stean en meie op syn brulloft bij Him oan tafel gean.

-Seine ( an irish blessing)

*Dat it paad op dy takomt  
en de wyn de goede kant útwaait  
dat de sinne blier dyn antlit beskynt*

*de rein dyn lannen myld bedript.*

*En oant wy elkoar wer moetjse  
oant wy elkoar wer moetsje  
meist burgen wêze yn de palm fan Gods hân.*

*Seinigje en behoedsje ús sa de Ivige,  
Heit, Soan en hillige Geast.*

*-Gem.: Amen, amen, amen.*

*-Musyk*